

nimmer foar dy”, en hy rôp de sompen fan Styx oan ta tsjûgen.  
Doe't de goadinne bedarre, krig' lo har eardere skôging  
wer en waard wat hja earst wie; 't rûch hier liet los fan har lichem.  
Lytser waarden de hoarnen en smeller de bollen fan d' eagen;  
740 koarter de brede bek; werom kamen skouders en hannen.  
Fuort wien' de hoeven gliden en elk yn fiif neilen opnomd.  
Neat fan it stal fan in ko wie der oer as har glânzige witen.  
Doe stie de nimf, mei de tsjinst fan har beide fuotten tefreden,  
rjocht oerein, mar wie bang om te praten, as pink wer te balten.  
745 Skruten besocht hja opnij nei lang ûnderbrekken te praten.  
No wurdt hja ear' as goadinne troch mânske rigen yn linnen.  
Har is gâns letter út sied fan de machtige Júpiter berne  
Épafos, sa wurdt leaud. Hy hat mei syn mem yn de stêden  
timpels. Hy hie in maat gelikens fan aard en fan jierren:  
750 Fáethon, soan fan de Sinne. Doe't dy ienris swetste en pachte,  
net foar him ûnder te dwaan, want hy wie grutsk op heit Sinne,  
dulde Épafos 't net mear en rôp: “Bist in sot datsto alles  
leaut fan dyn mem. Do bist grutsk op in heit dêrst in falsk byld fan haste.”  
Read waard Fáethon, mar út skamte smoard' er syn woed' en  
755 brocht oan mem Klúmene oer de beskimpings, dy't Épafos sein hie.  
“Mem,” sei er, “namste slimmer dat ik, dy't frijpostich en dryst bin,  
swijd haw. Ik skamje my dat der sokke misledigings tsjin ús  
sein wurde koenen en ik net yn steat wie om dy te wjerlizzen.  
Mar as ik wier fan godlik komôf bin, jou my dan it teken  
760 fan myn nommel geslacht en gun my myn plak yn de himel!”  
Dat sizzend sloech er de earms om syn mem har nekke en bea har –  
by syn holle en Merops sines en 't boask fan syn susters –  
him de bewizen te jaan fan wa't yn wierheid syn heit wie.  
Klúmene, rekke troch Fáethons beaën, of mear noch út lilkens  
765 en de mislediging sein tsjin harsels, stiek de earmen omhegen  
op nei de himel, en sjende nei 't ljocht fan de sinneskiif sei hja:

“By dizze glânzgjende bol, dy't pronket mei blinkende strielen  
en dy't ús heart en sjocht, myn bern, swar ik dij hjir: “Do bist in  
soan fan de Sinne dy'tst sjochst en dy't de ierde regearret.  
770 As ik liich, mei er my ferbiede him te oanskôgjen  
en mei dit deiljocht it lêste wêze, dat 'k sjoch mei myn eagen.  
Mar 't is gjin dreech karwei en lear dyn heite went kennen,  
omdat it hûs dêr't er opkomt, oan ús eigen lân grinzet.  
Asto yndied dat wolst, gean hinne en freegje 't himselme!”  
775 Fuortynienen nei memme wurden sprong Fáethon op en  
optein fette syn geast al bylden op fan de himel.  
Troch eigen Ethiopië gong er en Yndië ûnder  
't sinnefjoer, en kaam warber by 't plak fan syn heite ferrizen.

BOEK

II

Fáethon

't Keningspaleis fan de Sinne stie heech mei rizige pylfers,  
blinkend fan fonkeljend goud en goudbrûns, dat like te flamjen.  
Glânzjend ivoar bediek de gevels heech oan it dak ta  
en de dûbele doarren strielen yn gloede fan sulver.

5 't Keunstwurk oertrof noch it materiaal, want dêr hie Vulcanus  
seeën yn siselearre, dy't rûnom de lannen omgurdzj' en  
d' ierdebol en de himel, dy't bôget boppe de ierde.

't Wetter hie blaugriene goaden: Triton dy't blaast op syn hoarn en  
wiffe Proteus en Bríareus, dy't mei syn hûnderttal earmen  
10 oer de ûnbidige rêgen fan de walfisken hearsket,  
Doris en dochters, in part fan harren like te swimmen,  
't oar' part siet op in rots de seegriene hierren te droegjen;  
guon rid' op fisken. Net allegear hawwe ienselde skôging;  
ek net alhiel ferskillend, mar lykas foeget by susters.

15 't Lân hie minsken en stêden en bosken en wylde bisten  
en rivieren en nimfen en oare goaden fan fjilden.  
Dêroer in byld fan de blinkende himel: seis diereriemtekens  
stien' op 'e rjochterdoar en likefol' op 'e lofter.

Fáethon, Klúmenes soan, wie it skeane fuotpaad beklommen  
20 en wie it hûs yn gien fan syn heit, al wie him dat twiivlich.  
Fuortdaliks rjocht' er syn trêden nei heite antlit, mar bleau dochts  
op in distânsje stean, want tichterby koed er de ljochtglâns  
net ferneare. Dêr siet de Sinne, klaaid yn in poarpren  
mantel, heech op in troan, dy't blonk fan gleone smaragden.

25 Rjochts en lofts stienen Dei en Moanne en Jier en de leuwen  
en de Oeren mei likense tuskenromten dêr opsteld.  
Dêr stie de jonge Maityd, mei blommekrânse omgurde,  
en de neakene Simmer, in krânse fan nôtieren droech hjá;  
dêr stie ek Hjerst, besmodske mei 't sop fan plattrape druven,

30 en de izige Winter mei skiere, rûchhierrige lokken.  
Yn 'e midden de Sinne, waans eagen alle ding sjogge.  
Sinne seach de jongfeint, dy't beve fanwegen de frjemdens,  
en hy sei: "Wêrom bist kommen? Wat is 't datst yn dizze stins sikest?  
Fáethon, do bist myn soan; dyn heit sil 't perfoarst net ûntstride."  
35 Fáethon andre: "O ljocht, dat it einleas wrâldrom bestrielet,  
heit Sinne, as jo my jouwe it rjocht om dy namme te brûken,  
en as mem Klúmene net in skuld ûnder falske skyn berget,  
heit, jou my dan in bewiis, wêrtroch't men leaut, dat ik wierlik  
bin jo soan; wolle jo myn gemoed fan de twivel ferlosse."  
40 Sa spriek er en syn heit lei ôf de strielen, dy't skittren  
ringsom syn hiele holle en hiet him neier te kommen.  
En him omearmjend sei er: "Do bist myn soan en fertsjinnest  
dy erkenning en Klúmene hat dy dyn wiere komôf sein.  
En datst net twifelst, freegj' elts presint datst ha wolst; do krijst it  
45 út myn hân. Lit de poel, dêr't de goaden har eden by swarre,  
mar dy't myn eagen nea sjoen ha, by myn ûnthjit stean as tsjûge!"  
Amperoan wied er útpraat of Fáethon frege om heite  
wein en it rjocht om syn span wjokte hynders ien dei te bestjoeren.  
't Spiet de heit dat er sward hie. Hy skodde trijeris, fjouw'ris  
50 d' ivich blinkende holle en sei: "Myn ûnthjit wie te rimpen  
troch dyn freegjen. O, koe ik mar myn belofte werroppe!  
Ik beken dy, myn soan, dat allinne woe ik dy weegrje.  
't Ôfriede kin ik ál, want watsto wolst, is gefaarlik!  
Fáethon, fregest in té grutte geunst, dy't net by dyn krêften  
55 past en net by dyn jongesjierren, jit sa ûnfolwoeksen.  
Dyn lot is stjerlik; watst winskest, heart net by it lot fan in stjerling.  
Yn dyn ûnnoazelheid sribbest nei mear as wat sels de goaden  
takomme kin. Al mei elke god dwaan itjinge him haget,  
dochs hat nimmen de krêft te stean yn de fjoerige wei fan  
60 Sinne, útsein ik! Ja, sels de foarst fan d' ûnbiidge Olympus,

dy't mei syn skriklike hân de fûle bliksems omleech keilt,  
kin dizze wein net bestjoere; en wá is machtger as hý is?  
Steil is it earste part fan de wei; moarns kinn' amper de frisse  
hynders dy hichte beklimme; it heechst is mids yn de himel.  
65 Dêrwei delsjen op seeën en lannen jout faken myselme  
eangstme; dan bûnzet it hert my fan in beevjende freze.  
't Lêste part giet steil omleech en ferget in wisse bestjoerder.  
Dan is sels Tethys, dy't yn har weagen dêrûnder my opheint,  
altiten bang, dat ik foarenoer falle sil en dan delstoart.  
70 Boppedat toppet de himel rûn yn oanhâldende draaiing  
en fiert de hege stjerren mei yn in razende gysling.  
'k Wrot dêrtsjin yn; de feart dy't al it oare oermânsk is,  
grypt my net; ik riis heech tsjin de rappe draai fan 't hielal yn.  
As 'k dy de wein jou, wat dochst dan? Kinstó de draaiende poalen  
75 yn 'e mijtte gean sûnder dat dan dy de himelas meiskuort?  
Mooglik tinkst, dat dêr wâlden ek binne en stêden fan goaden  
en hast de waan dat dêr timpels binne, ryk oan geskinen.  
Nee, 't is in wei troch leagen en meunsters fan wylde bisten.  
En sels al bliuwst yn 'e baan en makkest gjin flater yn 't koersen,  
80 dochs moatst de hoarnen foarbygean fan de fijannige Bolle  
en de Thessalyske Skutter, en ek de bek fan de fûle  
Liuw en de Skorpioen, dy't syn wrede skjirren wiid krommet  
en de Kreeft, dy't syn skjirren ek bûcht, mar yn tsjinstelde rjochting.  
't Sil dy net maklik falle de hynders, dy't gleon troch it fjoer binn',  
85 dat hja hawwe yn 't boarst en troch bek en noasters útblaze,  
tûk te bestjoeren. Want amper duldze hja mý, as har gysten  
aard gleonhjit wurden is en de nekke kampt mei de leie.  
O myn soan, lit my net oan dy jaan in deadlike jefte,  
en no't de saak it noch talit, moatsto in bettere winsk sizze.  
90 Om te leauwen datst wiswier út myn bloed berne biste,  
fregest in wis bewiis. Dat jou ik dy krekt troch myn bangens